


# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN



*† Leekstêdhuus te Aldegea yn Smallingerlân, 1721*



# INWONERS VAN OUDEGA OPGELET !

In onze gezellige Kenborch- slijterij  
vindt u ..

- ★ Binnen- en buitenlands gedistilleerd.
- ★ Kenborch- kwaliteitsmerken.,  
altijd laag geprijsd !
- ★ Week in week uit aantrekkelijke  
voordeel aanbiedingen.
- ★ Prettige persoonlijke bediening.

KENBORCH SLIJTERIJ  
G.S. ADEMA  
BUORREN 17  
NAAST ONZE VEGÉ- PLUS.  
TEL. 05127- 1371





# DOARPSOMROPPER

MOANNEBLED FOAR ALDEGEA EN OMKRITEN

**Samlers:**

R. Jansma - Udema  
B. Wijma - v.d. Wal  
L. de Jong  
C.T. Pool - Bruinsma

**Samlerskip:**

Achterwei 5  
Till. 05127 - 1726

## YNHALD

### HAADARTIKEL

FREGE

ALDIJERSNACHT

FLATERS JONGJE GRAACH

### FERIENINGSNIJS

schaatswedstrijden c.l. school  
ijsclub oosterzanding  
biljartclub  
openbare bibliotheek oudega  
grietmanagenda  
damclub oudega  
p.c. klaverkampnieuws

### IT WITTEN WURDICH

riedsferlach  
hoe komt it mei uze skoalle . . . master  
atoomstroom  
frijwillige bijdrage

### SKIEDNIS

mear wite fan eigen krite  
dit wiene ek aldegeasters  
alde foto

### FAN ALLES WAT

puzzel

### DOARPSOMROPPERKE

### SOSIALE WURKLIST

## HAADARTIKEL

No't de Doarpsomropper in jier âld is binne wy nochris gear west oer ús advertearders en de frijwillige bydragen. Meielkoar is it te min om mei dit blêd troch te gean sa't jimme fan ús wend binne. Dêrom hawwe wy beslúte moatten dat eltsenien dy't fan bûten Aldegea by ús advertearje wol, wolkom is. Allinne konkurearjende advertinsjes foar ús fêste advertearders wurde yn oerlis mei har wol of net oannommen. Wy hawwe der each foar as hja sizze dat se yn it doarp al safolle advertearje moatte en dat dat, njonken alle oare kosten, hast net mear op te bringen is. Persoanlik wol ik dit jier noch oansjen yn hoefier dizze Doarpsomropper winske is en it wurk wurdich. As elts syn eintsje fêsthâlde wol haw ik net sa folle muoite mines slûpe te litten. De Doarpsomropper moat net in couveuseberntsje wurde.  
R. J.-U.

## FREGE:

*Om 't wy in persoanlik kontakt mei ús advertearders in goede saak fine sykje wy in man of frou, leafst mei auto, dy't dat wurk fan ús wol oernimme. As jo wol wat frije tiid ha tink der dan ris oer nei oft dat wat foar jo wêze kin en lit dat dan nije wike ien fan ús eefkes witte.*

*De samlers.*

## ALDIJERSNACHT

It aldjiersnachtfieren ferrûn de lêste jierren yn Aldegea altyd en hieltyd slimmer yn in ferfelende nocht-oanûnnocht-sfear. It waard wat langer wat dúdliker dat dy fiering lang net elkenien sinnige. En as dan nei nijjersdei de kranten wer kamen, dan lies men dêryn dat der yn oare plakken merakelsmoaie stunts úthelle waarden, dêr't elkenien yn dy doarpen wille oan belibje koe en dêr't yn sa'n plak noch dagenlang oer praat waard. En by ús ferrûn alles sa

rommelich, alle jierren weroan neffens it selfde resept. En mannichien fersuchte: fûnen se hjir ek sokssawat mar ris út.

En diskear wie't dan safier. Samar, spontaanwei tink ik, wie der in ploechje jonges, nammen hoech ik net te neamen want elkenien hat dy ommers yn'e hûs krige, dat de lieding naam. En wy moatte sizze, it is harren wûndergoed slagge om diskear fan it aldjiersnachtferien wat aardichs, wat libbens te meitsjen.

Lokwinske, jonges, mei dat poerbêste inisiatyf. Wy hoopje en ferwachtsje, dat jim it net by ien kear bliuwe litte sille. Gean der foaral en beleaven mei troch. Der leit noch sawat in hiel jier foar jim om foar de oergong '82 - '83 nije stunts te betinken.

d.J.

Hoe is dy flater yn de krante kommen, freget men jin ôf. It sil wol sa gien wêze: ien fan'e krante-lju hat yn Aldegea west om mei it tsjerkebestjoer te praten. Doe hat it bestjoer him ta informaasje it boekje jûn, dat de herfoarme tsjerke yn 1979 útjûn hat. Sa moat it nei alle gedachten wol gien wêze. No is der yn it Aldegeaster doarpsblêd fan jannewaris 1981 (nr. 4) ek al op wiisd, dat de tsjerke-glêzen net fan'e bruorren Staak binne, dat it tsjerkebestjoer hie de kranteman op dy flater wize moatten. Want men sjocht it mar wer: flaters meie graach jongje. It soe de baas wêze, dat de flater yn'e boekjes dy't noch yn'e tsjerkekast lizze efkes ferbettere wurdt. Dy hoecht net fierder de wrâld yn te gean.

d.J.

## FLATERS JONGJE GRAACH

Saterdei 14 novimber 1981 hat de doar fan'e Aldegeaster herfoarme tsjerke iepen stien foar it belangstellende publyk. En der hat in moai grut tal nijs-gjirrige minsken west, haw ik heard. Dat hat in priislik inisiatyf west fan it tsjerkebestjoer; hja soene it fan't jier wolris wer dwaan kinne.

Ik haw begrepen, dat it barde yn'e mande mei it Friesch Dagblad, want der stie dyselde wyks yn dy krante in wiidweidich artikel oer de Aldegeaster tsjerke. Yn dat artikel stie û.o. dat de moaie, grutte tsjerkeglêzen fan 1717 binne en dat se makke binne troch de bruorren Ype en Jurjen Staak fan Snits, de ferneamde glêskers. Dat is mar foar de helte wier. De glêzen binne yndied fan 1717, mar se binne net makke troch de bruorren Staak. Dy kinne se net makke hawwe; Ype Staak kaam yn 1717 te wrâld en Jurjen yn 1720. De namme fan de bruorren is dan ek net op'e glêzen te finen fansels. Wa't se al makke hat? Dat is net bekend.

*Dy't gjin tuike spylje kinne  
Doge net foar dizze wrâld.  
Nea gjin botsen sill'ha winne.  
Dy't gjin tuike spylje kinne  
Dy moatt'om'e stûken rinne,  
Nimmen dy't har wâl ophâldt:  
Dy't gjin tuike spylje kinne  
Doge net foar dizze wrâld.*

Marten Sikkema



Rijwielen o.a. GAZELLE en UNION.

De vanouds bekende SMID  
van OUDEGA met een  
nog echt open vuur.  
Tel. 05127 - 1536

**A.J. WELLING  
BUORREN 18  
OUDEGA**



## FERIENINGSNIJS



### SCHAATSWEDSTRIJDEN C. L. SCHOOL 18/1 1982

Meisjes 6 en 7 jaar:	1. Henriëtte Sluiter 2. Syberina Huizinga 3. Gerda de Vries
Jongens 6 en 7 jaar:	1. Reinder Hoekstra 2. Uilke Jongma 3. Paul Elsenga
Meisjes 8 en 9 jaar:	1. Alie de Jong 2. Willie Schonenburg 3. Marike Lammers
Jongens 8 en 9 jaar:	1. Roelof de Jong 2. Piebe de Jong 3. Jan Veenstra
Meisjes 10 jaar en ouder:	1. Ankie Kooistra 2. Margriet Hoekstra 3. Linda Bergsma
Jongens 10 jaar en ouder:	1. Rudolf Elsenga 2. Ronald de Vries 3. Herman van der Bij

### "IJSCLUB OOSTERZANDING"

Het kampioenschap van Smalingerland jongens t/m 16 jaar werd gehouden te Oudega bij Ijsclub de Oosterzanding om 7.30 uur. Het bestuur kon 36 rijders inschrijven, waarbij 7 Oudegaasters waren. Van deze jongens uit Oudega kwam Harry Jongma het verst. Daar hij in de tweede rit zijn plaatsgenoot Geert van der Heide versloeg kon hij het tot de derde rit brengen. Hierin verloor hij van Johan Snip uit Nijega, die later de derde prijs zou winnen, door Evert Hoekstra uit Drachten ook nog te verslaan. Fokko Numan versloeg maar net Thomas Nijboer uit Houtige Hage, toen we nog 5 jongens op papier hadden. Henk Gjoltema had een stand nummer. De laatste drie die overbleven eindigden als volgt:

Johan Snip	Nijega	3e prijs
Henk Gjoltema	Drachten	2e prijs
Fokko Numan	Drachten	1e prijs

De bekertjes werden beschikbaar gesteld door de Rabobank en uitgereikt door A. Enzing, waarbij de winnaars geluk gewenst werden.

J. v.d. Heide.

## R I J L E S ? ? ? ? ? ?

heeft u moeilijkheden met schakelen ? ? ?  
of wilt u SNELLER uw rijbewijs ? ? ?

behalve schakelauto's hebben wij nu ook  
een  
**AUTOMAAT!!!!**

**Autorijschool W. PIJL, Ureterp**  
**Foareker 27 tel. 05125 - 2151**

Gedipl. instructeurs:

Wiebren Pijl	Ureterp	05125 - 2151
Niek Zwart	Surhuisterveen	05124 - 3144
Piet Aans	Hemrik	05166 - 497

en voor **OUDEGA e.o.:**

**Geert v/d Klijn Drachten 05120 - 15210**

onze **GARANTIE:**

een doelgerichte en verantwoorde rij-opleiding

nu nog Opel Ascona . . . . . binnenkort  
B.M.W. en Renault !!!


### BILJARTCLUB

Onder de vele verenigingen en clubs welke Oudega rijk is behoort ook de biljartclub R.B.O. Deze letters zijn een afkorting van de "Recreatieve Biljartclub Oudega". Art. 2 van het reglement luidt dan ook: "Het doel der club is het bieden van de mogelijkheid om in Oudega recreatieve sport te beoefenen. De club tracht dit doel te bereiken door het ter beschikking stellen van een biljartzaal in het "Mien-sker" met één of meer biljarttafels." Het bestuur vertegenwoordigt één uit de 65-plussers, één uit de middengroep en één uit de jeugd. Het biljartspel is een prachtig spel voor oud en jong, toch vereist het wel veel oefening om een beetje behoorlijk te kunnen spelen. Het is een denksport, maar de tenuitvoering vereist een lichamenlijk handelen en die is meestal het moeilijkst. Vooral voor 65-plussers belangrijk, omdat men denken en doen combineren moet. De ouderen maken ook iedere zomer een uitstapje en dat uitstapje is dan varen met de kruizer van de familie De Vries. Dan wordt er voldoende proviand ingeslagen, worden er verschillende "pleisterplakken" aangedaan en komt men altijd heel



voldaan weer in de Oudegaster haven terug. Hopende met deze gegevens voldoende bekendheid te hebben gegeven aan onze R.B.O.

Het bestuur: H. Jonker, jeugd  
H. Welling, middengroep  
J. de Jong, 65-plussers



It is guon minsken like folle  
oft de ko skyt of de bolle

Mar foar in goed stik fleis, sa ha 'k ûntdekt  
komt it de measten tige krekt

Dêrom en dit is tocht ik kleare taal  
stiet kwaliteit by ús sintraal

En smakket it jo tige lekker  
tinke jo, hjirfan wol 'k mear

Dan steane wy mei de bekende kwaliteit  
foar fulling fan jo friezer klear

Dus foar Ijirre, snijwoarst of  
in stikje rikke spek op brea

Hoask oanrikkemedearre

**OEDS PIETERSMA**

**SLACHTER ALDEGEA**

## OPENBARE BIBLIOTHEEK OUDEGA

Beste lezers,

De kontributiekaarten voor 1982 liggen weer voor u klaar. De bedragen zijn als volgt:

tot 18 jaar	gratis
18 - 25 jaar	f 8,00
25 - 65 jaar	f 12,50
65 e.o.	f 8,00

Deze bedragen zijn wettelijk vastgesteld. Komt u zo snel mogelijk betalen?

De lezerskaarten van de jeugd zijn nog niet allemaal afgehaald. Kom je je rode fiches ruilen voor gele, dan kun je het hele jaar weer lezen.

Door de drukte rond de jaarwisseling, deze keer geen nieuwe aanwinsten, of boekbespreking. Wel de resultaten over 1981.

Uitleencijfers:


volwassenen	1980	8996
	1981	11672
jeugd	1980	9245
	1981	11467

Zoals u ziet een flinke stijging van de uitlening. Het aantal leden is:

jeugd	331
volwassenen	280

Dit was het weer voor deze keer. Tot ziens in de bibliotheek.

## GRIETMAN AGENDA



## GROOT GRIETMAN CONCERT

Op woensdagavond 17 februari om half acht in het Miensker.


Dit groot Grietman concert wordt voor de 3e maal gehouden en is zo langzamerhand een traditie geworden. Hieraan wordt door plm. 180 personen deelgenomen. Medewerkenden zijn:

Muziekkorps:	"Looft den Heer"	Oudega
Muziekkorps:	"Soli deo Gloria"	de Tike
Zangkoor:	"De Lofstem"	Oudega
Volksdansgroep:	"Ouderen"	Oudega
Muziekkorps:	"Jeduthun"	Opeinde
Muziekkorps:	"Apollo-Foarút"	Oudega/Opeinde
Volksdansgroep:	"Jongeren"	Oudega

Zoals U nu leest, maar ook op 17 februari kunt horen en zien, veel variatie zoals: muziek, zang en dans. Deze actieve verenigingen treden deze avond voor U op om hun kunnen te laten zien en horen. Zij rekenen dan ook op Uw komst. De entree is vrij (ondanks de hoge kosten van deze verenigingen). Er wordt een collecte gehouden om de kosten te dekken.

H. Herder.



D  
A  
M  
C  
L  
U  
BO  
U  
D  
E  
G  
A

## DAMCLUB "OUDEGA"

De Damclub is verleden jaar weer begonnen met een jeugdafdeling. Na een kleine aarzeling in de opkomst, is er nu een mooie groep van jongens en 1 meisje. Damleider G. Tjeerdsma draait hier een competitie mee en geeft ze intussen les met het naspelen van de partijen en het opbouwen van hun stand. Het is de 1e keer dat de damclub een vrouwelijk schoon in haar gelederen heeft. Maar dat mag de pret niet drukken, want Catrien is een leerzaam en oplettend lid. Deze jeugd ploeg speelt voor de wisselbeker (die in 1977 beschikbaar is gesteld door kapper A. Pruiksma) en die het laatst in het bezit was van Cath. Bouma. Hoewel de stand nog niet helemaal gelijk is, wat het aantal wedstrijden betreft, wil ik dit toch even publiceren:

	wedstr.	punten
1. Roelof de Jong	11	20
2. Sietse Bouma	10	18
3. Peter Toering	11	18
4. Cor Tjeerdsma	11	17
5. Henk Hospes	10	11
6. Gjalt Jan van der Zee	11	10
7. Reinder Jelsma	7	7
8. Catrien van Staveren	9	6
9. Wiebe de Jong	11	4
10. Roel Wiersma	10	2
11. Wietse Jelsma	3	1
12. Frank Boersma	10	0

Ook in de competitie voor de Senioren en Junioren wordt een felle strijd geleverd. Het wordt steeds weer bevestigd dat de oudere dammers door de joneren worden gepasseerd. Dit is voor het bestaan van de damclub een uitstekende toekomst. Zo is op het ogenblik de jongste dammer voorloper in de hoofdgroep, gevolgd door nog 5 jonge dammers, wat voor de club nog veel belooft. Hier de standen bijgewerkt tot 15 - 12 - 1981.

Groep I	wedstr.	punten
1. F. Kooi	9	16
2. Joh. de Graaf	9	14
L. Houwink	9	14
4. W. Wijma	11	12
5. He. Jonker	7	11
6. S. de Graaf	7	6
7. O. Kooi	10	6
G. Tjeerdsma	10	6
9. Ha. Jonker	9	5
U. Tjeerdsma	9	5
11. J. Jansma	10	5

Groep II	wedstr.	punten
1. B. Klijnstra	11	16
2. O. Roukens	8	12
3. S. Siebens	9	10
4. K. de Vries	7	8
5. Tj. Jonkhoff	8	8
6. Cath. Bouma	9	7
7. F. Bouma	5	6
8. D. van der Mei	6	6
9. P. Feddema	6	4
10. D. Jonker	7	2
Gr. Wijma	4	11.

Klijnstra, Jonkhoff en Van der Mei zijn Drachtsters.

Oudega II kon net niet kampioen worden. Ureterp I bleek te sterk te zijn, zodat deze club overgaat naar de 1e klas, terwijl Oudega het opnieuw mag proberen. Wel werden de Oudegaasters 2e achter Ureterp en voor Warga I en Drachten III. Oudega II presteerde het in de uitwedstrijd tegen Surhuisterveen II om met 8 dammers uit te komen wat inhield dat zij direct met 4 - 0 achter stonden. Maar de andere spelers wisten dit weer goed te maken en tenslotte toch nog met 11 - 9 te winnen.

### Stand 2e klas B

1. Ureterp I	6 - 12
2. Oudega II	6 - 10
3. Suameer II	6 - 6
Drachten III	6 - 6
5. Warga I	6 - 4
6. Surhuisterveen II	6 - 4
7. Oldeboorn II	6 - 0

Hier zijn geen bordpunten in verwerkt omdat deze niet bekend zijn, maar die komen er de volgende keer wel even bij.

P. Feddema.


## DRUKKERIJ



De Giek 17 - 9206 AS Drachten  
Telefoon 0 5120-12468

*Better wat as neat, sei de fisker,  
doe hied er in kikkert yn'e fûke*





## P.C. KLAVERKAMPNIEUWS

Op het eerste indoor ponyconcours, dat de ponyclub "De Hakruiters" uit Damwoude in manege "It Heechhiem" in Bergum hield voor B- en L-combinaties, kregen de talrijke belangstellenden 18 december levendige ruitersport voorgeschoteld van de ruim tachtig enthousiast rijdende ruiters en amazones, die voor een tweetal springconcoursen in actie kwamen. Van de kleine vijftig B-combinaties, die in drie groepen voor een tweetal klassieke springconcoursen in actie kwamen, werd Sietze Algra van de P.C. Klaverkamp tenslotte de grote winnaar door met Annabel bij de grootste ponies een eerste en tweede prijs voor zijn rekening te nemen. Daardoor kreeg Sietze ook de extra prijs die beschikbaar was gesteld door firma De Boer uit Leeuwarden. Deze prijs bestond uit een hoofdstel en teugels. De andere combinaties van de P.C. behaalden ook prima prestaties.

### Cat. B

#### Marten Polstra met Deverel

1e parcours	3e prijs
2e parcours	2e prijs

### Cat. C

#### Sjoerdje Algra met Pepper

1e parcours	2e prijs
-------------	----------

#### Marid van der Zee met Elza

1e parcours	4e prijs
2e parcours	4e prijs

### Cat. D

#### Sietze Algra met Annabel

1e parcours	1e prijs
2e parcours	2e prijs en extra prijs

#### Sandra Merkens met Dina

1e parcours	6e prijs
2e parcours	5e prijs

Aan het tweede concours dat 9 januari werd gehouden in de manege "It Heechhiem" te Bergum deden weer 12 combinaties van de P.C. Klaverkamp mee. De prestaties waren weer erg goed.

### B-springen - cat. B

#### Marten Polstra met Deverel

1e parcours	3 weigeringen	
2e parcours	foutloos	1e prijs



VERLOVINGSRINGEN in deze dure tijd gelukkig bij

"DE SLAG"

in Oltterterp

Bijzonder goedkoop v.a. f 225,- p/p, 14 karaat goud  
en bekende merken.

\* Kadootje op de koop toe.

Ook zware zilveren geboortelepels  
vanaf f 195,-, gratis gegraveerd.

Verder duizenden sieraden in  
GOUD en ZILVER,  
nergens goedkoper.

Ook inruil van oud goud tegen de hoogste prijs.

De moeite van een reis waard  
en vele tientjes bespaard.

SELMIEN 2

OLTTERTERP

Tel. 05125 - 1695

### B-springen - cat. C

#### Marid van der Zee met Jelna

1e parcours	foutloos	3e prijs
2e parcours	1 weigering	

#### Melle Kooistra met Goblin

1e parcours	2 weigeringen	
2e parcours	foutloos	5e prijs

### B-springen - cat. D

#### Harm Kooistra met Lady

1e parcours	3 weigeringen	
2e parcours	foutloos	2e prijs

#### Sjoerdje Algra met Pepper

1e parcours	3 weigeringen	
2e parcours	foutloos	6e prijs

#### Sandra Merkens met Dina

1e parcours	1 weigering	
2e parcours	foutloos	

#### Rieneke Jansma met Maria Vera

1e parcours	foutloos	5e prijs
2e parcours	foutloos	

#### Sietze Algra

1e parcours	3 weigeringen	
2e parcours	foutloos	



## VEEHOUDERS VAN OUDEGA



Laat ook in het komende winterseizoen Uw werkzaamheden door het loonbedrijf doen.

### Fa. TOERING

staat voor U klaar om voor U o.a.:  
te KUILSNIJDEN, SLOOTREINIGEN, WALKANTSNIJDEN,  
MEST- EN GIERVERSPREIDEN, GREPPELFREZEN en ook  
KRAAN- EN DUMPERVERHUUR.

Wij zijn ook in het bezit van een motorkettingzaag voor het rooien van Uw boomwallen.

Eernewoude: 05117 - 9387  
Oudega: 05127 - 1582

Beleefd aanbevolen,  
Fa. TOERING

### Teun Schriemer

1e parcours 3 weigeringen  
2e parcours 3 weigeringen

### L-springen cat. C

#### Sipke Riemersma met Alexander

1e parcours  
2e parcours

#### Albert Antonides

1e parcours  
2e parcours

secr. Klaverkampruiters.

## IT WITTEN WURDICH

### RIEDSFERSLACH

It is my tige nei't sin dat mefrou Lautenbach, skriuwer fan it C.D.A., my tasein hat dat se der alle moannen foar soargje wol dat der yn'e Doarpsomropper in oersicht komt fan'e riedsgearkomsten. Hja sil alle partijen de kâns jaan om dat ferslach om bar te skriuwen.

R. J.-U.

### HOE KOMT IT MEI UZE SKOALLE . . . . MASTER

In Oudega zal deze vraag allicht ook wel eens gesteld zijn. Het antwoord op deze vraag vinden we in de Wet op het basisonderwijs, die in december 1981 ook aanvaard is door de Eerste kamer. Daar staat o.m. dat de bekostiging van een school niet beëindigd wordt, indien het aantal leerlingen van de betrokken school in de laatste 3 schooljaren meer heeft bedragen dan 69. Het getal 69 hoort bij een gemeente die meer dan 50.000 inwoners heeft. In Smallingerland

denken we nog steeds, dat wij die 50.000e inwoner wel zullen halen. Een aantal miljoenen gulden uit Rijks' kas schijnt dat op te leveren! Vanuit het onderwijs bezien zitten er ook duidelijke nadelen aan deze wet. Immers, als een gemeente tussen de 25.000 en 50.000 inwoners heeft, komt de school volgens deze wet in de gevarenzone als er minder dan 49 kleuters en leerlingen zijn. Voor Smallingerland zal over langere of kortere tijd 69 kinderen wel de grens worden. Komen er minder leerlingen, dan kan de minister ontheffing verlenen, als op een afstand van 3 km van de school geen school van dezelfde richting is gevestigd. De openbare kleuter- en lagere school in Oudega komt krap te zitten wat het aantal kleuters en leerlingen betreft. De 3 km-grens lost dit probleem op! Anders ligt het bij nog kleinere scholen. Het heeft er alle schijn van, dat het ministerie vanaf heden tot 1985 zo "ongemerkt" scholen niet meer bestaansrecht verschafft. Dat zou betekenen, dat voordat de wet op het basisonderwijs van kracht wordt, veel scholen met 25 of minder leerlingen opgeheven worden. Vanuit Friesland vandaan met z'n vele kleine scholen is gericht actie ondernomen, om de kleine scholen in stand te houden. Het projekt kleine scholen is daar een duidelijk voorbeeld van. Maar wil men voorkomen dat nog meer kleine scholen verdwijnen dan zal er wederom actie ondernomen dienen te worden. De basisschool (4-12 jaar) is meer afhankelijk van het aantal leerkrachten dat de school "bevrouwt of bemant", dan van het aantal leerlingen. Den Haag zal nog wel eens bestookt moeten worden met voorstellen, waaruit blijkt hoe een goede basisschoolstructuur over de dorpen in Friesland er uit dient te zien.

Lammert Westerhof.  
Gemeenteraadslid Smallingerland.





## ATOOMSTROOM

Het P.E.B. levert ons stroom die voor een gedeelte wordt opgewekt in kerncentrales. Het provinciaal bestuur heeft 2,7% aandelen in de G.K.N., de Gemeenschappelijke Kernenergiecentrale Nederland. Via de stroomrekening betalen wij 2,7% extra voor atoomstroom en de instandhouding van kerncentrales. Als u vindt dat men b.v. op de acceptgirokaart moet kunnen laten weten waar die 2,7% voor moet worden gebruikt, a. voor het bovengenoemde of b. voor onderzoek naar alternatieve energie, kunt u het volgende doen:

1. Eerst uw eventuele automatische machtiging opzeggen bij het P.E.B., 058 - 923911.
2. Dan via uw eigen girokaarten het gevraagde bedrag min 2,7% storten en naast uw verbruiksnummer vermelden: ik wil geen atoomstroom.
3. Na de 1e, 2e of 3e aanmaning de 2,7% alsnog betalen met de vermelding "onder protest".
4. Een brief schrijven naar: Gedeputeerde Staten en de Provinciale Staten van Friesland, Provinciehuis Tweebaksmarkt 52, 8911 KZ Leeuwarden. Waarin u uw standpunt vriendelijk naar voren brengt en verzoekt om de 2,7% in een alternatief fonds te mogen storten, enz.


Age Veldboom  
Anna Hummel  
(regionaal contactadres)

## FRIJWILLIGE BYDRAGE

De minsken dy't har dêrfoar opjûn hawwe wurde tige betanke. Jo hearre noch fan ús.

R.J.U.

*De klok skyt oeren, sei de jongfaam,  
as ik in frijer ha*



**restaurant de wilgenhoeve**

de warren 2 - 9203 HT drachten - tel. 05120-12510  
eig.: A. Alkema

*In plak dêr't relaasjes ferstevige wurde tusken:  
freonen en freonen  
man en frou  
bern en âlden  
mei in âlderwetske gastfrijheid,  
in sfeer dy't unyk is, in treflike koken en  
betelbere prizen, fan f 25,- ôf.*

---

Wy hawwe de gewoante om ien kear yn't jier ús beste freonen foar in itentsje út te noegjen en omkeard. As jo sawat dwaan wolle yn de Wilgenhoeve, of je geane der sa mar ris hinne, lit har dan eefkes witte dat jo har advertinsje lêzen hawwe. Dan krije jo foar it iten sa mar fansels it lekkere "drankje fan it hûs" oanbean, in wolkomsdrankje foar jo.

R.J.U.

**KOOS BAKKER'S**

**KLEERMAKERIJ**

**DRACHTEN**

Ook het adres voor al uw  
ruiterkleding en toebehoren  
van het wereldmerk "PIKEUR"

**Moleneind 44, tegenover Elmar**

**Tel. 05120 - 31533**

**b.g.g. 05120 -12516**

Stoppage verzorgen wij ook voor u.

Tevens reparatie-inrichting voor alle  
lederwaren (tuigen, halsters)  
en ook voor het opstoppen van uw zadel.



## SKIEDNIS


### MEAR WITE FAN EIGEN KRITE.

#### Kristianisearing

Yn it desimbern. fan de Doarpsomropper ha wy al sjoen hoe't it om en ta gong by it stiftsjen fan'e tsjerke yn it doarp. Wy ha doe ek sjoen, dat de oergong fan heidendom nei kristendom om 800 hinne pleats hân hat. Dy oergong hat yn it dwaan en litten fan de minsken in geweldige feroaring tewei brocht. Hja moasten oare seden, brûkmen en gewoanten oannimme, it wie in folsleine fernijing, alle âlde skippen waarden efter harren ferbarnd. Men kin dêrom fan tinken wol ha, dat sa'n yngeande feroaring net fan'e iene dei op'e oare ûntstie. It hat yndied in lang proses west.

Om ien en oar wat te ferdúdljken moatte wy diskear wol efkes sjen nei wat der bûten ús eigen doarp barde en wat nei foaren helje út'e algemiene skiednis fan Fryslân en dêr is ûnder de minsken net folle fan bekend. Wa't de skoalleboekjes troch noasket soe licht tinke kinne, dat Fryslân gjin skiednis hat. Neat is minder wier, it hat in rike skiednis, mar dy kringt net yn'e boekjes troch. Elkenien hat byg. op skoalle leard, dat yn'e s.n. Gouden Ieu de Amsterdamse keaplju de hannel yn hannen hiene. Dat ieuwen earder de hannel yn dizze hoeke fan Europa yn hannen fan de Friezen wie wit suver net ien. De Friezen hiene sa'n drokke skipfeart oer de Noardsee dat dy doe Fryske see hiet. Unbekend is de drokke Fryske hannel mei Ingelân, Ierlân, Skandinavië, Denemark, Dútslân, Frankryk, Ruslân, Finlân. Us foarâlden hiene in eigen skip-type ûntwikkele en hawwe mei har skippen grif ek wolris seerôvery by de ein hân, it wurd kaapfeart is fan Fryske komôf.

Fan de Romeinen hat grif ek elkenien wolris heard. Dy hawwe yn Europa ieuwenlang foar master opslein en net allinne yn Europa. Doe't har macht op'e non rûn (plm 450) wreiden de Friezen harren gebiet út oan it Swin ta en sa ûntstie doe Grut Fryslân of Frisia Magna. Der ûntstiene doe grutte Germaanske riken yn Europa: in Frankysk, in Angelsaksysk, in Saksysk, in Noarsk en Grut Fryslân.



F'ral de Frankyske hearskers wiene ymperialisten, dy besochten aloan har macht en gebiet grutter te meitsjen. Ut it suden wei krige Grut Fryslân mei de Franken te dwaan. Der moast mei har fochten wurde om de frijheid. En mei dy striid om de frijheid foel de striid om it leauwe gear.

De evangelist Willibrord (658-739), mei de stipe fan de wraldske macht fan it Frankyske ryk yn'e rech, preke it kristendom yn it gebiet dêr't de Franken al foar master opsloegen. Mar yn it frije Fryslân gong it hurd tsjin hurd. De kristenprekers, lôgjend fan sindingsiver, kringe der yn troch, ferwoastgje de heidenske hillichdommen, hawwe de gek mei de goaden, slaan de bylden stikken, slachtsje it fee dat fan'e goaden is en bouwe tsjerken. Mar, lykas ebbe en floed inoar ôfwikselje, komt ûnkearber it heidendom werom. In kening dy't it goed mient mei de Kristenen krijt in opfolger dy't der hiel oars oer tinkt. De Franken wurde befochten, kristenprekers wurde deamakke of it lân útsmitten, tsjerken wurde mei de grûn lyk makke, âlde hillichdommen wurde wer opboud en bekearlingen wurde wer heiden. Sa giet it wol in kear as wat. Mar stadichwei kringe de Franken fierder yn it Fryske lân troch en mei de Franken kringt it kristendom fierder op. Utert en Doarrestêd, beide Fryske stêden, gean ferlern. As yn 734 de Frankyske foarst Karel Martel de Friezen by de Boarn oerwint, dan leit it Fryske lân tusken Fly en Lauwers iepen foar de Franken en krije de prekers ek kânsen yn dat part fan Fryslân dêr't wy yn wenje.



De stifting fan de earste Aldegeaster tsjerke hat dus yn alle gefallen pleats nei 734. Hie Bonifatius (680-754) wat mei de stifting fan ús tsjerke te krijen, lykas de skriuwer fan it opstel "Heidendom in Smaltingerland" ha wol? (Sj. Smellingeraland, s. 188).

Men kin fan tinken wol ha, dat in fersleine fijân net graach ûnder twang wat fan syn oerwinners oannimme wol. Tweintich jier nei de slach by de Boarn reizget Bonifatius troch Fryslân en syn tocht is gjin biskoplike fisitaasje. Krektoarsom, hy en syn maten moatte bekearingswurk dwaan. Op dy tocht, der't er op fermoarde wurdt (754), doopt er tûzenen en stiftet in protte tsjerken. Dat skriuwt alteast syn libbensbeskriuwer. Mar soe't wol wier wêze? Hoe moatte wy dan de triomftocht fan de



biskop en de tsjinstelling fan syn dea troch geweld ferklearje?

Nochris wer besykje de Friezen har fan'e Frankyske macht frij te meitsjen. Yn 782 komme de Saksers, under lieding fan Widukent, yn opstan tsjin de Frankekening Karel de Grutte en de Friezen dogge mei en falle wer tebek yn it heidendom. Mar yn 785 oerwint Karel Friezen en Saksers en dan is it út mei it heidendom. Mar dan hat der ek in wrakseling west fan 678 oant 785, langer as in ieu.

Wy meie wol oannimme, dat de earste tsjerke fan Aldegea nei dat jier 785 boud is. Of faaks wie de besteande heidenske timpel wol de earste tsjerke. Dat mocht, paus Gregorius de Grutte (590-604) hat dat ris skreaun oan Mellitus, in abt: der wie neat op tsjin om geve heidenske timpels as tsjerke te brûken, as se mar mei wijwetter besprinkle waarden. It wijde wetter bande alle demoanyske ynfloeden út. En de gong nei tsjerke ta waard de bekearling sa ek maklik makke, hy koe dy dwaan oer it âlde, bewende paad.

d.J.

N.B. It is wol in wat dreech stikje wurden, leau'k. Letter wer ris wat oars.

## DIT WIENE EK ALDEGEASTERS

### Masterje

Tsjintwurdich kom ik yn Drachten wolris de Aldegeaster dokter tsjin. Dy giet dêr syn pasjinten bylâns. Dat hat oarsom ek wolris it gefal west. Yn't oanbegjin fan dizze ieu kamen der artsen út'e "diamant van het noorden" yn Aldegea, de dokters Keizer en Bleeker byg. F'ral Keizer wie in bekend man yn it doarp, hy wie n.t.l. ek earmedokter en earne minsken wiene der doe planteit yn Aldegea.

Twa kear wyks kaam er yn it doarp, dokter Keizer: tiisdeis en freedse. Yn 't earstoan hakkepofte er op syn stoomfyts nei de pasjinten ta, letter kaam er yn in auto mei sjauffeur. In soarchsum man wie't,

foar syn siken. Earst as er se hielendal genêzen achte kaam er net wer.

Alde Tjitte van der Wal wie net rjocht halich. Tjitte en Hil wennen yn in lyts hûske, heal stien heal hout oan'e domenysreed, besiden de Achterwei. Tjitte hie lêst fan de mage. Soadbaarnen. En dat woe mar net bekomme, wat Hil en hy ek besochten. Tjitte skytskoarre der wol tsjinoan, mar der moast útkomst komme, dat lang om let krige dokter Keizer tyngje oft er komme woe. De need wie doe wol heech, want leau mar net, dat Tjitte en Hil minsken wiene, dy't nei dokter drave soene as har in skeet dwers foar 't gat siet.

Dokter Keizer kaam. By Hil, want Tjitte wie net by honk. Sa gong dat yn dy tiid, soadbaarnen of gjin soadbaarnen, it wurk moast trochgean. Tjitte en Hil koene net in deihier stean litte. Hil tsjutte dokter Keizer oan wêr 't er Tjitte fine koe. Dy wie oan't roggichtsjen op in perseel boulân oan'e Gariperwei.

Doe't Keizer by Tjitte op it lân stie en sei, dat er him ûndersykje moast, sei Tjitte: "Dat kin hjir wol efkes, tink ik, net dokter?" En hy sakke al troch de knibbels dêr tusken de roggiskeaven yn. Keizer seach ris om him hinne. Der wiene mear minsken oan 't wurk dêre en guon stiene al nei Keizer en Tjitte te sjen. Dat soe in iepenlofttheater wurde as er mei it ûndersyk begûn, dat hied er wol yn'e rekken. Nee, sei er dêrom, it moast dêr mar net, leaver mar by Tjitte thús. En sa bokselen Tjitte en Keizer it skeanpaad del nei Hil ta.

Nee, nee, net ien mei tinke, dat it skytmerakels wiene dêr't Keizer foar komme moast. Tjitte en syn wyfke hiene al fan alles prebeare om baas te wurden oer de kwaal. Foaral Hil wie op it mêd fan masterjen oars wol wat mânsk. Hie se al net ris in berntsje fan'e buorlju fan seare plakken ôf holpen?

Dat siet sjesa: it lyts famke fan ien fan'e buorlju hie seare plakken oan'e holle. Hja masteren mei dokter Keizer. Mar dy syn salve holp net, de plakken waarden staadichoan grutter. Doe stie Hil op in moarntiid by har buorfrou oer de flier en seach it berntsje. "Hea," sei se "wat hat jim famke rare

# Rabobank



ook voor Uw:

\* REIZEN

\* VERZEKERINGEN

\* REISDEVIEZEN

Fabrykswei 13, Oudega Sm.

telefoon 05127 - 1533



plakken oan'e holle, ju. Dogge jim dêr neat oan?" Jawis, sei de mem, sjoch it sit sa en sa, en Hil krige it hiele ferhaal te hearren.

"Witst wat jim dwaan moatte," sei Hil doe."Nim in kopkefol rjemme en rier dêr krytskraabsel troch hinne. Gewoan krytskraabsel. Safolle, dat it in

tsjok papke wurdt. Smar dat mar op'e seare plakken. Silst sjen dat it helpt." De mem fan it famke hat dien sa't Hil sei. In wike letter wiene de seare plakken fuort.

d.J.

## FIIF FISKERS

*Neffens myn ynlochttings moat dizze foto om 1900 hinne makke wêze. De man dy't foar yn'e skou stiet hat it dien; dy wite koarde, dy't er yn'e hân hat ferbynt him mei it tastel, dat op'e wâl stiet. It fiskwetter moat it Alddjip west ha, doedestiids de ferbining tusken Aldegeaster Sân en Ie. De fotograaf wie H. Woudsma, it earste haad fan'e kristlike skoalle oan'e Achterwei. Njonken him: Wybren Jonker, boer. De tredde man moat Buik hiten ha. Skoalmaster? De man mei de hân yn'e bûse wie Enne Steenbeek, skroar en letter postrinder. De sittende man efteryn'e skou soe in Wyttes de Koe west ha, neffens myn ynlochttings. Ek in skoalmaster? Graach mear ynformaasje, as it kin.*



*v.l.n.r.: H. Woudsma, W. Jonker, Buik?, E. Steenbeek, Wyttes de Koe. Ouddiep omstreeks 1900.*




## FAN ALLES WAT

Wij vinden het niet redelijk dat bewoners van Oudega die buiten het dorp wonen, geen tijdig (schriftelijk) bericht krijgen van bepaalde activiteiten zoals: rommelmarkt, bazar, gezellige avonden enz. Ook de Doarpsomropper, reclameblaadjes en zelfs enige kranten ontvangen we niet of te laat. Wij zouden hier graag enige verbetering in willen zien.

Door bewoners in en vooral buiten Oudega (namen bij red. bekend)

Prachtige gebreide  
**Intarsia  
Spencer**  
in: blauw/beige of grijs/bordeaux

f59.-



**NAGEL**  
Bergum, Schoolstraat 5

U gaat naar de veemarkt met de opdracht om van onderstaande drie soorten, 100 stuks te kopen voor f 100,--.

1 paard kost f 15,00  
1 varken kost f 1,00  
1 kip kost f 0,25

U moet van elk soort minstens 1 kopen.  
Hoeveel paarden, varkens en kippen zijn er bij die 100 stuks?

\* \* \* \* \*

Hoefolle is:  
ien en oardelheal twa trije en in tredde heal?

B. Visser



Tel. 05120 - 20392  
Hoek centrum/Noorderpromenade  
2 - 4

## PUZZEL


### Horizontaal:

1. plaats in Canada, 5. scharnier, 7. bruto registerton, 8. van de, 11. al, 12. motorrace, 14. bittere stof, 16. soort struisvogel, 17. opschik, 19. geheel de uwe, 20. stad in Duitsland, 21. ontnemen, 23. vr. titel, 24. vallei, 25. zuivelprodukt, 26. insekt, 28. oude lengtemaat, 29. Bijb. figuur, 30. bijna, 33. broeikas, 35. log, 36. voorzetsel, 37. pl. in Rusland, 38. loven, 40. kassa, 41. deel van de mast, 42. treinhalte, 44. ongaarne, 45. voor de middag, 47. vr. munt, 48. myth. figuur, 49. maagenzym, 51. zangnoot, 52. muziek-instrument, 53. mak, 55. militair, 57. dunne plank, 58. geheime bond van rovers op Sicilië.

### Vertikaal:

1. regel, 2. tuberculose, 3. kunstenaar, 4. ten be drage van, 5. gewelf, 6. eeuwigheid, 9. landbouw-werktuig, 10. knaagdier, 11. kwajongen, 13. ogen-blik, 15. open plek in het bos, 17. bevel, 18. tegen-werken, 20. levenslucht, 21. rivier in Duitsland, 22. ontkenning, 25. specerij, 27. Latijns voegwoord, 29. lijp, 31. gelijk, 32. loog, 33. zangnoot, 34. het bezoedelen van iemands goede naam, 36. voetpunt, 37. dor, 39. garde, 40. ijdell, 43. serie, 44. rekening, 46. mede, 48. violetkleur, 50. uitroep, 54. lengte-maat, 56. voegwoord.





KN 14

*It is better mei de romte te rieden as mei de krapte*



**Café- Restaurant en Slijterij  
„VISCHLUST“**

Eig: Jan en Slep  
Ds. v. d. Veenweg 11 - Tel. (05117) 92 52  
Eernewoude (Fr.)

**WIJ GAAN DOOR IN 1982  
MET STEEDS LAGERE PRIJZEN**

**DE ECHTE SLIJTER OM DE HOEK**

**OOK KUNNEN WIJ UW WARME OF KOUDE SCHOTELS  
THUIS BEZORGEN**

Dagelijks geopend vanaf 10.00 uur



- |  |            |
|--|------------|
| BOKMA jonge jenever                              | NU f 15,95 |
| BOLS jonge jenever                               | NU f 15,95 |
| SONNEMA berenburg                                | NU f 15,95 |
| BESSEN - KERSEN of FRAMBOZEN                     | f 12,95    |
| EVITA de echte koffielikeur                      | NU f 15,95 |
| 3 fles WINZER KELLER witte wijn, per fles f 4,45 | NU f 12,00 |
| 2 liter SHERRY (13) medium dry                   | NU f 13,95 |
| 1 fles SHERRY met label van f 6,95               | NU f 4,95  |
| PROEF eens die lekkere vruchtensap passuava      | f 3,75     |
| ALLE frisdrank COLA, UP, GROENE SPA              | NU f 1,25  |
| RODE SPA en SINAS                                | NU f 0,74  |
| NU een heel krat HEINEKEN BIER                   | f 13,95    |
| een heel krat KELLER BIER                        | f 9,95     |



# doarpsomropperke



## SNIEMAN

Snieman, snieman, wite snieman  
 wat biste in stieve feint!  
 Kinst net prate  
 kinst net laitsje  
 en do gûlst as't efkes reint.  
 Mei dyn hoed  
 mei dyn stok  
 en dyn woartelnoas  
 mei dyn eachjes fan stien,  
 o, wat sjochsto boas!  
 Snieman, snieman dik en fet,  
 as it teit  
 dan bliuwst hjir net!



De oplossing fan de puzzel út de krante fan desimber:

- |              |              |
|--------------|--------------|
| 1. krysttiid | 6. flam      |
| 2. rôver     | 7. ezel      |
| 3. Yme       | 8. eilân     |
| 4. slinger   | 9. stjer     |
| 5. takke     | 10. taartsje |

It wurd dat er útkaam wie: krystfeest.  
 Sykje de doarpsomropper fan desimber mar gau  
 op, dan kinne jimme sjen as jimme de puzzel goed  
 makke hawwe.

\*\*\*\*\*

Hjir komme in pear riedsels.  
 De antwurden hawwe wy hjirûnder op'e kop set,  
 mar fansels wol earst sels besykje om it antwurd  
 te finen!

- Hokker planeet is fan sûkelade?
- It earste part fan it wurd is by't wetter, it twadde part is in beam (de Hollânske nammê!) en tegearre is it in diel fan Fryslân. Wat wurd is dat?
- Hoe mear der by weigiet, hoe grutter it wurdt. Wat is dat?
- In man hjit Koert S.A. Mals. Wa't de letters op it goede plak set, wit wat dizze man fan syn fak is.

Lûk streepkes fan nûmer 1 - 20 en fan A - E (E - 1)  
 Kleurje dan mar!

- Mars
- De Wâlden (wâl - den)
- In gat
- Skoolmaster





Hawwe jo in frieskast of -kiste?

En wolle jo der graach poerbêst bôleguod yn ha?

Skilje ús dan efkes

Wy komme moandeis en tiisdeis mei bakkersguod  
yn Aldegea

**Waarme Bakker  
J. J E L S M A**

**Boarnburgum**


**Tillefoan 05126 - 1215**

**BOOMSMA BRILLEN**

Noorderpromenade 18  
Drachten

Tel. 05120 - 12521

Leverancier alle ziekenfondsen



Wilt u lakbeschadigen van uw auto  
zelf bijhelpen?

Wij mengen voor u elke kleur autolak  
op onze verfmengmachine.



**BOVAG-lid**

**A U K E D E V R I E S - Garagebedrijf/Autospuitinrichting  
Gariperwei 2 - OUDEGA Sm. - Tel. 05127 - 1777**



## IT FUGELKONSERT

Doe't Bouke Brouwer op in moarntiid wekker waard fielde er him wat gammel. Earst gong it him kâld oer de lea, fuort letter wied er fierstente hyt en hy begûn ek te kocheljen. Doe't syn mem dat hearde kaam se by him op'e sliepkeamer, seach syn reade, gleone holle en naam syn temperatuer op. Dy wie 38.4.

"Do bliuwst mar op bêd en ik sil dokter freegje oft er efkes nei dy sjen wol," sei se. En sa't se sei, sa die se.

Dokter Hiddema is in groulivich en fleurich man en hy kaam wat letter yn'e moarn. Hy gluorke yn Bouke syn kiel, bekloppe syn boarst en liet Bouke "Aaaa" sizze.

"Hast ek pine yn't liif," frege dokter.

"Ja, dat ha'k ek," sie Bouke.

"Hâld him mar in pear dagen op bêd. Gjin dreech iten jaan, lykas beantjes mei bret spek en stjoer fan'e middei nei trijen mar ien nei myn hûs ta om in drankje te heljen."

Dat die mem. Doe't Bouke it earste leppelfol fan it drankje trochslokte smakke it alderôfgryslkste mâl.

Hy bleau in dei twa op bêd, mar de oare jûns fielde er him wer in bytsje better. Dy jûns, neidat mem him goed bestoppe hie foardat it begûn te skimerjen, wylst er wat lei te harkjen nei de fûgels dy't elkoar "Goejûn" tarôpen, barde der wat aardichs. Hy hearde: tik, tik, tik, op it sliepkeamersrût. Bouke draaide him om en dêr, op it finsterbank bûtendoar, stie in fûgeltsje. Sa gau as it fûgeltsje fernaam, dat Bouke nei him seach, knypeage it him ta, in hiel lang knypeachje mei it lofter each. Fansels, Bouke joech in knypeachje werom.

"Twyts, myn freonen fan'e knypeachklup ha my frege om nei dy ta te fleanen om te freegjen hoe't it mei dy giet, twyts," sei it fûgeltsje.

"O, dát fyn ik aardich fan jimme, mar ik bin al wer wat better, hear," sei Bouke. "Mar ik fiel my noch net goed genoch om der ôf."

"Moai sa, twyts," sei de fûgel. "Wy hoopje allegear, datsto mar gau wer hielendal better wurdst, twyts, twyts."

"Tankewol," sei Bouke Brouwer, "mar wêrom seisto hieltiten fan twyts?"

"O ja, dat spyt my tige, twyts," sei it fûgeltsje, "mar ik bin smoarferkâlden, twyts, twyts en sa hoastje fûgels no ienkear sjoch, twyts."

"O leave sei, dat spyt my," sei Bouke. "En dochst der ek wat oan?"

"Ik ha fan'e moarn in lyts hapke wjirm hân, mar dat skynt der net foar te helpen," sei it fûgeltsje.

"Hast ek pine yn't liif?" frege Bouke.

"Ja, ik bin wol wat winich yn't liif," sei it fûgeltsje.

"Witst wat, ik tink, do hast deselde kwaal dy't ik haw," sei Bouke. "Dokter sei: Gjin dreech iten, en as ik dy wie soe'k mar gjin wjirm wer ite."

"Nee, dat bin ik ek net fan doel," sei it fûgeltsje. en doe krige Bouke Brouwer in idee.

"Werom soest net ris wat fan myn drankje prebearje?" sei er. "It hat my goed holpen en faaks helpt it dy ek wol."

"Hoe smakket it?" frege it fûgeltsje.

"Ferskuorrende mâl," sei Bouke. "Mar as it dy better meitsje kin moatst it der mar foar oer ha."

"Soa, no ik fyn it aardich fan dy en ik leau, ik doch it mar," sei it fûgeltsje. It fleske stie op in taffeltsje njonken Bouke syn bêd. Hy dipte de pink der yn en stiek de earm út nei it finster ta. It fûgeltsje hipte tichterby en pikte de drip fan de pink ôf.

"Twyts, twyts, twyts, twyts," hoaste it en it hipte op en del.

"Wat skeelt der oan, ju," rôp Bouke kjel.

„Do hiest wrammeltjes wol gelyk, doest seiste, dat it guod ferskuorrende mâl smakket," pipe it fûgeltsje heas. "Ik haw noch noait wat hân dat sa fiis smakket, yn myn hiele libben net, twyts, twyts. Ik wie fan doel dy yn'e sliep te sjongen, mar mei't ik sa hoastje soe'k allinne mar falsk sjonge en dat soe foar dy net aardich wêze, twyts. As dyn medisyn helpt, dan kom ik moarn wer, mei myn sjonggroep en dan jouwe wy in konsert foar dy. Soest dat wol wolle?"

"No! Dat is hartstikke moai fan dy," sei Bouke. En it fûgeltsje fleach fuort. Mar hy wenne grif net sa fier fuort, want foardat Bouke yn'e sliep foel koed er it lytse ding syn "twyts, twyts" noch wit-hoefaak hearre.

(Tenei fierder)



GLASHANDEL

## Van Reenen b.v.

Opperbuorren - East 2 - OUDEGA (Sm.) Telefoon 05127-1906

Isolerende beglazing "THERMOPANE en ISOLAR"  
Voorzetramen "ISOVITRE"

Alle soorten glas, figuurglas en spiegels  
Vraagt vrijblijvend prijsopgaaf bij:

Glashandel  
VAN REENEN BV  
Oudega  
tel. 1906



**SPAR Z.B.**  
**W. JELSMA**  
 Buorren 13  
 Tel. 05127 - 1439

1 hele Edammer kaas f 13,95  
 250 gram Spar koffie f 3,12  
 24 flesjes Spar bier f 11,25



Bij aankoop van f 15,00 aan levensmiddelen  
 een mooie kop en schotel voor slechts f 2,25  
 zolang de voorraad strekt


Maak eens  
 een proefrit

met het  
 origineel.



De nieuwe Datsun Stanza. Het origineel.

Eerste van een nieuwe auto-  
 generatie. Dus voorlopig niet te  
 imiteren. De nieuwe Datsun Stanza  
 Het origineel.  
 De meest uitge-  
 balanceerde  
 middenklasser  
 met voorwiel-  
 aandrijving  
 De kracht van een sprinter Zuinig  
 Maximaal rendement uit  
 normale (!) benzine. Aerodynami-  
 sche styling  
 Maximale interieurruimte. Zo  
 wekt de Stanza de indruk van  
 binnen groter te zijn dan van buiten.



Beschermende veiligheid in de  
 totale constructie. Koersvast weg-  
 gedrag onder alle omstandigheden.  
 De nieuwe Datsun Stanza.  
 Het origineel. Vooruitstrevend. Eigen-  
 zinnig in temperament. Nieuwe  
 1.6 en 1.8 liter motoren.  
 Nu bij ons. Klaar voor de eindtest:  
 uw proefrit. Prijs incl. BTW, af Lisse  
 v.a. 17.995,-.




Datsun van Nissan.

**ADP**  
**autobedrijf**  
**drachten b.v.**

**DE HEMMEN 1**  
**DRACHTEN**  
 Tel. 05120-12100  
 Na 18.00 uur  
 Tel. 05120-14967-18575

**FOLKERT DE HAAN**  
 de echte groenteman  
 Oudega  
 tel. 1414



In deze wintermaanden  
 hebt u extra vitamine C nodig  
 We hebben weer heerlijke sinaasappels  
 zoete mandarijnen zonder pit  
 dikke citroenen en zoete grapefruits

Ook gesneden groente  
 alle dagen vers

Wilt u een fruitmand bestellen  
 dan 1414 maar bellen

## SOSIALE WURKLIST

### GROENE KRUIS

Spreekuur S. Hemminga, Bergum: maandag t/m vrijdag tussen 12.30 - 13.30 uur onder nummer 05116 - 1806.

Dienstdoende wijkverpleegkundigen zijn de weekeinden te bereiken van 13.00 tot 14.00 uur en van 18.00 tot 19.00 uur onder nummer 05120 - 12105 te Drachten.

### STICHTING GEZINSVERZORGING SMALLINGERLAND

Spreekuur alle werkdagen van 8.30 tot 9.30 uur.  
Tel. 05120 - 19005, De Oppers 1b, Drachten.

### MAATSCHAPPELIJK WERK SMALLINGERLAND

Spreekuur te Drachten, Berglaan 62, tel. 05120 - 17235, alle werkdagen van 8.30 - 10.00 uur; verder op afspraak. De gehele dag zijn er medewerkers op de Berglaan aanwezig. De informatie en advieswinkel is elke werkdag geopend van 9.00 - 11.30 uur en van 14.00 - 17.00 uur. Donderdags bovendien van 19.00 - 21.00 uur.

### BIBLIOTHEEK

Openingstijden:

Woensdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

Vrijdag: 13.30 - 17.00 uur  
19.00 - 21.00 uur

In "It Miensker", Fabrykswei 13a, tel. 1398.

### OPENINGSTIJDEN:

#### POSTKANTOOR

Maandag tot en met vrijdag:

8.30 - 12.00 uur

13.00 - 17.30 uur

Woensdagmiddags gesloten.

Tel. 05127 - 1258

#### RABOBANK

9.00 - 12.00 uur

13.30 - 15.30 uur

Donderdagsavonds:

17.00 - 19.00 uur

Tel. 05127 - 1533

### NED. MIDD. SPAARBANK en ASS. KANTOOR

It West 3, tel. 05127 - 1296

Open van : 9.00 - 12.00 uur  
13.30 - 17.00 uur en op afspraak.

### UITVAARTVERENIGING "DE LAATSTE EER" OUDEGA

Inlichtingen over begravenis of crematie enz. Afspraken alle werkdagen. Penm. G. Kooistra, Buorren 22, tel. 05127 - 1258. Bode A. van Keimpema, Fabrykswei 17, tel. 05127 - 1206. Denkt u er aan dat kinderen vanaf 18 jaar zelfstandig lid kunnen worden?

### WIKE-EINTSJINSTEN HUSDOKTERS

fan freed 17.00 oere oan't sneintejûn 24.00 oere.

7 febr.	C. v. Staveren Roundeel 56	Aldegea 05127-1262
14 febr.	J. Meyboom Kommisjeweï 120	De Pein 05127-1261
21 febr.	C. v. Staveren Roundeel 56	Aldegea 05127-1262
28 febr.	H.J. Amelink Greate Buorren 22	Garyp 05117-1264

### TSJERKETSJINSTEN

#### Griff. tsjerke, dûmny H.J. Nolles, till. 1223

7 febr.	9.30 oere 13.45 oere	H.J. Nolles A. Klein, Earnewâld
14 febr.	9.30 oere 13.45 oere	J. van Til, Hemrik H.J. Nolles
21 febr.	9.30 oere 13.45 oere	M. Hamming, Hearrenfean tarieding Hillich Nachtmïel F. Meyer, Drachten
18 febr.	9.30 oere 13.34 oere	J.H. Nolles Hillich Nachtmïel J.H. Nolles

#### Herf. tsjerke, dûmny J.H. Hamoen, till. 05117-1228

7 febr.	10.30 oere	Mw. J. v.d. Pol, Grouw
14 febr.	10.30 oere	J.H. Hamoen
21 febr.	10.30 oere	M. Fokkema, Drachten
28 febr.	10.30 oere	J.H. Hamoen










**Drukkerij**

**s.o.d. b.v.**

**v.h. Osinga**



**Boekdruk / Offset / Uitgeverij**

**De Giek 17 - 9206 AS Drachten**

**Telefoon 0 5120-12468**